



IK SIS NEAT

In kluchtich koart blijskul yn trije bedriuwen

door

ALBERT VAN DER WAL

TOONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IK SIS NEAT** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ALBERT VAN DER WAL** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2020 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **7** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

BONNE: Hy is wat in man fan it gefoel, ien fan besykje alles sa goed as hy it kin te dwaan. By him stiet dat foarop. Bonne, altyd de man fan graach in hân tastekke, Allinne de swierrichheden dizze dagen oerkomme him wol tige frjemd oer.

ANKE: Wol it goed, alles ta rêt hâlde. Bonne wol se graach wat stjoere, skoanheit Gurber wat op ôfstân hâlde. Mar hoe dan ek hja wol witte wat der bard. Oeral skerp by belutsen

GURBE: Dwaande mei fan alles, it measte mei it wenningburo, hy libbet maklik, hy hat it net sa mei ynstânsjes en har personiel. Mar oan de oare kant is hy dochs ek wol belutsen mei alles wat d'r bard, alles wol yn è gaten hâlde, mar dan as hy it rête kin in bytsje op ôfstân.

BRECHT: De freondinne fan Gurge. Se kin it goed mei him fine, allinne kin se him net goed ynskatte. Foar Gurge in goede kunde, foar har is hy mear in freon.

GRYT: De frou dy't wurket op it wenningburo. Sij is al jierren dwaande mei it sykjen nei de heit fan har dochter. Fan alles al belibbe, en ek dit kear rint it net sa as sij it wol.

FEMKE: De dochter fan Gryt; Modern, telefoan, jong, en it libben nimme sa as it komt. De wille foarop, alle gedoch net sa swier oan tille.

JAN: Hy is de broer fan Bonne, de soan fan Gurge, en.....?

DECOR:

Ien toaniel – moderne tiid.

1^E BEDRIUW

(toaniel de wenkeamer yn de flat fan Bonne en Anke. Toaniel fan dizze tiid, kreas en skjin. In telefyzje, in kompjûter, meubels passend by hjoed de dei)

Gerdyn

1^e toaniel

(Bonne op, drok aan de telefoan)

BONNE: Ja dat komt klear heit, ik sil sa gau as it kin dit mei Anke beprate.

ANKE: (after toaniel roppe) Joeh hoe, ik bin der wer!

BONNE: Oh, Anke komt der oan. Jo hearre fan my. (*telefoan út*)

ANKE: (op) Hoi, ik bin der wer, is der nijs?

BONNE: No nee, net folle, der is ien lyts dinkje.

ANKE: Wat no? Hast swierrichheden op it wurk?

BONNE: Nee nee nee lokkich net. Ik..no ja,sjoch, ik...

ANKE: Och hearke, is it sa slim?

BONNE: Nee nee nee, mar dit giet dy ek oan. Ik moat dy wat fertelle oer ús heit.

ANKE: Oh? Dy man rôd him oan't no ta oeral sels mei.

BONNE: Ja dat is wier, mar dit kear is it oars.

ANKE: Wat hat er dan dien? Him kinnende hat hy fêst wer fan alles by't ein, wat net goed giet.

BONNE: Nee juh, sjoch syn flat werd ferbouwd. Dêr hawwe ik mei him oer praat, en doe..

ANKE: Doe wat?

BONNE: No ús heit moat tydlik earne oars wenje.

ANKE: Moast him helpe by it ferhûzjen?

BONNE: Nee dat is it net. Sjoch, dat earne oars wenjen is mar foar inkele dagen. Ik haw him al sa'n bytsje tasein.

ANKE: Wat! do hast him dochs net tasein dat hy wol by ús komme kin? Bitsto no folstein gek wurden?

BONNE: Nee,..of om earlik te wêzen.. ja. Toe no Anke, lit it my no útlizze.

ANKE: Nee Bonne nee, dy man hirre elke dei oer de flier? Ferjit it!

BONNE: Leave begryp it no, hy is wol myn yn heit.

ANKE: Hy is ek de heit fan jimme Afke, en dy hat alle rûmte.

BONNE: No nee, dat is net sa, ús Afke is op `t stuit yn Spanje.

ANKE: No dêr is it hiel geskikt foar âlderen. Moai waar, de euro's komme dêr ek op de bank, wylts hy by dyn suster fêst mear romte as wy hirre hawwe.

BONNE: No nee, ús Afke mei dy Spaanske freon fan har, en dat mei ús heit. Dat kin neat wurde. Dat moast dochs begripe.

ANKE: En jimme Jan yn Arnhem dan, dy hat fêst wol plak.

BONNE: Toe no Anke, Jan hat fjouwer bern, tink der efkes better oer nei ja.

ANKE: Dêr kin noch bêst in âlde heit by. Sa kin hy dêr moai pake spylje.

BONNE: Nee, dat werd him ek net. Ik wit dat ús Jan sels amper plak hat.

ANKE: Ik bliuw der by Bonne, do en ik hawwe ek gjin plak.

BONNE: Leave, as it oars koe dan die ik dat. It giet mar om ien, twa wiken, net mear. Dat hawwe se him ta sein, by dat buro fan it wenning behear.

ANKE: Dy lju fan dat wenning behear hearre der foar te soargjen dat hy in tydlik oar plak kriget. Dat leit net op ús wei.

BONNE: Se binne der mei him net útkaam. In hotel dat kin net, hawwe ik begrepen. Om heit syn wurden te brûken "Te folle omballingen".

ANKE: No dyn heit kinnende, begryp ik dat hielendal,. Man hy is amper troch de doar of der is al rebûlje. En altyd hast wer froulju dy't efter him oankomme. Foardatst it wist is it in soadsje. Dat witsto krekt sa goed as ik.

BONNE: Harkje no Anke, wat ik tink, wit, of wol leave, it feroarit neat, hy is en bliuwt myn heit. Wat moat ik dan no?

ANKE: Gewoan nee sizze!

BONNE: Ja, gewoan nee sizze. En dat tsjin immen as ús heit.

ANKE: No sa dreech, kin dat net wêze. Nee is nee! Hoe dan ek Bonne, in hotel is fierwei it bêste plak foar him. Hy moat krekt as alle oare minsken, gewoan omstean leare.

BONNE: As ik no nochris goed mei him praat, him dûdlik meitsje dat hy him dy twa wiken by ús beiden ynhâlde moat. Hy wernet, ik sis it him sa dûdlik as ik it kin, tydlik, by ús yn.

ANKE: Ja no ja, wat kin ik dan no noch oer sizze, skynber harsto it al mei him al ôfpraat. Ik sis dy, ik bliuw der op tsjin, Bonne. Mar goed ik wit it no, fertel my mar, wannear kinne wy ús "gast" ferwachtsje.

BONNE: Ik moat him noch skilje. It like my better om dit earst mei dy te bepraten

ANKE: Ja ja, oerlis is it heale wurk, foaral oer dy saken dy't al ôfpraat

binne.

BONNE: Leauw my no Anke, ik sil der tige goed mei him oer prate
(doar bel. Bonne ôf)

2^e toaniel

(Bonne wer op – heit Gurge op – hat tassen, wat klean- in typmasine by him)

BONNE: Ferdoarje heit, ik haw dochs sein dat ik jo skilje soe.

GURBE: Dat haw ik net sa begrepen jonge. Langer wachtsje koe ek net, dus do sjochtst it, ik bin der al. Soa.en hoe is it mei dy, wachtsje efkes,... do bist eh..sis it mar, is it net..eh?

ANKE: Anke..

GURBE: Och ja ik wit it wer. No fanke sjoch, myn tas mei wat klean, sa komt it wol klear tinkt my.

ANKE: Moat ik?

BONNE: Toe no ju , nim dy tas oan, ik praat mei him, wy komme der mei-inoar wol út.

GURBE: Ik tink mar sa. Jimmy as jongelju moatte de âlderen mar wat helpe, is it net?

ANKE: (grypt de tas, en ôf- lilk)

BONNE: Asjbleaf heit, litte wy no besykje in bytsje aardich foar elkoar te wêzen. As jo en Anke, it goede foarop sette, dat rôde wy it, dy pear dagen wol, wol meiinnoar, of net?

GURBE: Jonge, fan my hawwe jimme gjin lêst hear. Ik bin der, mar ik bin der ek net. Sa no earst dizze masine in plak jaan. (*Hy set de typmasine - op 'e tafel, mappen der neist lizze*)

BONNE: Sis wat moat dit allegearre, dy typmasine, dy mappen? Hawwe jo in kantoar meinaam?

GURBE: Dit is myn administraasje jonge. Sjoch dizze map is foar myn oerlis mei it wenning buro. Do wolste it net leauwe, dy lju..bah. Kear op kear krige ik te hearren, mynhear Gurge jo foarstel past net. Sa as jo it wolle, kin it net. De rigels litte soks net ta. En dan is dêr dat iene frommeske iene Gryt, dy wol mar mei my om de tafel, no..ik net mei har. Ik sis dy Bonne jonge, mei dy minsken is neat te beginnen.

BONNE: Ja dat sil wol. Mar heit noch efkes wat oars, dat by ús wenjen, dat doarret net langer as ien, twa wiken?

GURBE: Dat wit ik net. Dêr oer is fan alles sein en skreaun. Dy lju by dat wenning buro dat binne fan dy aaklike dwersbongels. Wat se

ek foar stelle, ik fiel der neat foar, ik jou net ta.

BONNE: Ja ja. Kom, litte wy earst dizze boel opromje, en alles nei jo keamer bringe.

GURBE: Dan dogge wy dat. Dit guod kin mei, dat oare komt letter wol. (*Hy leit wat klean en in jas oer de stoel*)

BONNE: Goed kom mar mei, en asjbleaft heit, beloof my no, dat wy Anke sa min mooglik tsjin it hier ystrijkje, kom.

GURBE: Oan my sil net lizze jonge. (*Beide ôf*)

3^e toaniel

(*Anke wer op*)

ANKE: Ah nee hé, moast dit no wer ris sjen. Hy is kåld oer de flier, en it is al in binde. Ik wist it, ik wist it, mei dy man kinst hielendal neat. (*Se nimt de klean op de earm, pak de jas – falt jild út*) Wat is me dit? Hûndert, twa, tsien,..tweintich, wat in jild, hoe komt dy âlde dêr oan? Soe der noch altyd gokke mei hynders? hannel..froulju? Dat soe my net ferwunderje. (*Efter har Brecht op*)(*Anke jild yn har eigen bûse*)

BRECHT: Goeie..

ANKE: Hee..och... ja goeie, wa binne jo, ? As ik freegje mei, hoe komme jo der yn?

BRECHT: De foardoar stiet iepen, ik bin mar troch run. Mefrou, ik bin Brecht Wylman.

ANKE: Ja ik eh, Anke tige.

BRECHT: Ja witte jo, Gurbe hat my dit adres jûn. Is hy thús?

ANKE: Gurbe? Jo miene myn ferneamde skoanheit?

BRECHT: Ik wit allinne dat Gurbe ynwenje sil by syn soan. Hy hat my dit adres jûn. Kin ik him hjirre treffen?

ANKE: Ja spiti gernôch wol. Begryp ik it goed, jo binne in goede kunde?

BRECHT: Jawis, ik bin al wer in pear moannen, syn freondinne. Wy kinne it wol aardich goed fine.

ANKE: Och sa, en jo wenje?

BRECHT: Ik wenje op myn sels aan de oare kant fan it doarp, mar ek wolris by Gurbe.

ANKE: Jo hawwe in eigen hûs? Prachtich, dan kinne hy wol by jo ynlûke, dat is dochs folle better, foar him, en ek foar ús. Lit ik der by fertelle, it is mar foar net mear as twa wiken!

BRECHT: Nee nee dat kin neat wurde, ik tink net dat myn man dat sa wurdearje sil.

ANKE: Jo man? ja dan is dit net sa`n goed idee begryp ik.

BRECHT: Mefrou is Gurge der no? Hy hat my sein dat hy te berikken wie by syn soan.

ANKE: Hy is der. Ik sil him warskôgje dat jo der binne.

BRECHT: Sis him mar dat Brecht der is. Ik moat ek sa gau as't kin witte hoe it mei Wodan en syn parkyt komt.

ANKE: Wodan? wachtsje ris, is dat net dy hûn fan him?

BRECHT: Ja dat is wier.

ANKE: Oh nee, nee, nee, dat spul komt der hirre net yn! Wy hawwe hirre gjin bistetún.

BRECHT: Neffens my is dêr ek gjin sprake fan hear.

ANKE: Lokkich, ik skrok efkes. Mefrou..

BRECHT: Brecht hear.

ANKE: Ja ja, pak in stoel. Ik sil sjen wer't dy Gurge fan jo keart is.
(Anke ôf)

4^e toaniel

(telefoan. Bonne op)

BONNE: (telefoan) Bonne Gykma.. Pardon,..sizze jo no fan : jo heit ? Dat wit ik net. It spyt me mefrou, noh nee, jo mem is hirre net, of? len momint.. Mefrou (*Brecht*) ik haw iene Femke oan de telefoan, jo bekint?

BRECHT: Nee hear, ik kin har net, trouwens ik haw gjin bern.

BONNE: (telefoan) Mefrou ik kin neat foar jo dwaan. Ik soe it mar earne oars besykje. Sukses. (telefoan del) Soa..no wy.. (hân) Bonne..tige. Fan Anke, haw ik begrepen, dat jo komme foar myn heit ?

BRECHT: Ja hy hat my frege.

BONNE: Hy komt der sa oan, hy en Anke besykje syn klean wat te plak te lizzen. Soa, dus jo binne de freondinne fan heit. It is bysunder dat wy in kear yn de kunde komme.

BRECHT: Ja dat is moai. Jo heit en ik geane al inkele moannen mei inoar om, wy kinne it goed fine.

BONNE: Dat leau ik graach. As ik freegje mei hoe komme jo (telefoan) len momint. (telefoan) Gykma.. No nee, dat haw ik jo niis ek al sein, jo heit is hirre net. Wat? nee, jo mem ek net. Mefrou jo hawwe in ferkeard nûmer. Ja 12 35 89, dat is al ús nûmer. It spyt my mar ik kin jo net fierder helpe. Krekt, dat is it bêste, ik soe it noch mar in kear earne oars besykje. Sa as ik ek al earder sei, sukses. (telefoan del) Dizze is allegearre wol wat ferfelend mefrou.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via
www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



info@toneeluitgeverijvink.nl



072 5112407



“Samenspelen” is ons motto